

## In famke op 'e dyk by Longerhou

D'r rint in famke op 'e dyk by Longerhou  
troch it bosk, it paadsje nei de trein  
Sy wuift nei heit, hy komt foarby  
mei hynder en wein

Dat famke wit noch net dat sy straks yn in  
greppel dûkt  
De gotten fan ferset, fan oarloch fuort  
Wer 't sy feilich wêze sil,  
en net bang

Dat famke dat letter briefen skriuwt  
mei in feint, mar ien kear sjoen op It Amelân  
In leuke Boy Scout dy 't yn Ynje  
tsjinje moast

Dat famke heakket yn 'e earm fan har freondin  
Sa dûnsje hja de dyk by del  
Net wittende dat sy tweintich jier dêrnei  
tsjin de dûmny sizze sil

Ik bin in sinnestriel  
Dûnsje is wat de sinne sil  
It is net frjemd, it fielt fertroud  
Dûmny, dit is net fout  
Ik bin in sinnestriel  
Dûnsje is wat de sinne sil  
Wy binne al âld en wy binne al trouw  
Dûmny, wy dogge it wol

Der fytst in famke op 'e dyk by Longerhou  
sy sutelt mei fleis dat stikum slachte is  
wiist de hollanners it paad nei har hûs  
dêr 't mem harren griesmeel en bôle jout

Dat famke wit noch net dat sy ferpleechster  
wurdt  
Har leafde trout en mei trije bern  
letter de hiele wrâld  
oerfljocht

Dat famke sil reizen liede,  
tennisje en sjonge en gymnastykje  
Dat famke sil organisearje  
en it hiele doarp foarsitte

En yn 't tsjerke in dûnsgroep beginne  
mei oan 'e doar dûmny en âlderlingen, dy 't  
roppe  
"Zo dicht bij elkaar, daar kan de vlam in  
vliegen"  
En dan sil sy sizze

Ik bin in sinnestriel  
Dûnsje is wat de sinne sil  
It is net frjemd, it fielt fertroud  
Dûmny, dit is net fout  
Ik bin in sinnestriel  
Dûnsje is wat de sinne sil  
Wy binne al âld en wy binne al trouw  
Dûmny, wy dogge it wol

Der wuift in famke op 'e dyk by Longerhou  
Nei de soldaten, sy sliepe yn it hea  
En mem mei TBC yn in tintsje yn 'e tûn  
Sy hat sân bern, in sterke frou

Dat famke sil mei in groep freondinnen  
nei Gaasterlân en it wetter op,  
in pilske drinke want op 'e boat  
is tee al gau te flau

Dat famke sil minsken ferbine,  
fertelle hoe 't se fierder kinne  
Har man fêsthâlde en ferlieze  
en hy sil dan "Ik bin der" sizze

Dat famke sil libje mear as njoggentich jier  
en stelle "ferlies komt altyd te betiid"  
En foar de dûmny dy 't sei dat dûnsjen net  
hillich is, sjongt se in prachtich liet:

Ik bin in sinnestriel  
Dûnsje is wat de sinne sil  
It is net frjemd, it fielt fertroud  
Dûmny, dit is net fout  
Ik bin in sinnestriel  
Dûnsje is wat de sinne sil  
Wy binne al âld en wy binne al trouw  
Dûmny, wy dogge it wol